



---

→ 120523[2].def.fersl.FFU-jrk.2012

## Ferslach jiergearkomste FFU, woansdei 23 maaie 2012

*Plak:* Bleekhof 55, Ljouwert (by Klaske Straatsma)

*Tiid:* 19.30 oere

*Oanwêzich:* Tom Dykstra (foars.), Sytze T. Hiemstra (skr.), Ed Knotter (pongh.), Thys van der Veen, Germ Gerbrandy, Geart Tigchelaar, Klaske Straatsma

*Berjocht fan behindering:* Beitske van der Meer, Bertus Postma, Lútsen Bakker, Eelke Goodyk, Jelte Cuperus

### 1. Iepenjen

Foarsitter Tom Dykstra iepenet de gearkomste en ropt elts in wolkom ta. Oan de wurklist wurdt it ‘Frysk yn de Grûnwet’ taheakke.

Yn syn ynlieding memorearret de foarsitter de ûntsteanskiednis en doel fan de **Feriening Frysk Underwiis**. Yn 1987 is de FFU oprjochte. Yn dat jier waard betocht dat it Frysk 50 jier lyn yn it primêr ûnderwiis tastien waard. Dat it Frysk yn it ûnderwiis noch net it measte foarstelde, wie de oanlieding ta it oprjochtsjen fan de FFU. It biedwurd yn dy begjintiid wie: *wa't fierder sjocht, begjint tichtby*. De krêften fan âlden, belanghawwenden, ûnderwizenden en skoalbestjoeren moasten bondele wurde om it Frysk in folweardich plak yn it ûnderwiis te jaan fan pjutteboartersplak oant heger ûnderwiis ta. Yn 'e rin fan de jierren hat de FFU de âlden net bot aktivearje of helpe kinnen. Guon âlden wiene benaud dat har bern de dupe wurde kinne soe fan in mooglik (taal)konflikt mei in skoalle en gongen dat leaver út 'e wei. Dêrtroch is de ombudsfunksje fan de FFU winliken net út 'e ferve kommen. Skoaldirekteuren en learaars wiene ornaris ek net bot te aktivearjen. Sa hat bygelyks in aksje fan de FFU om it Frysk in better plak te jaan op de *Máxima*-skoalle yn Ljouwert en *it Foarhûs* yn Drachten net it measte úthelle (sjoch ús webstek, *argyf, brieven, 2005-2007*). Wat de FFU op beliedsmjittich nivo dien hat en docht, komt folle better út 'e ferve. Dat de stânpunten fan de FFU oerienstimme mei de hearskjende wittenskiplike (ûnderwiiskundige) teoryen wol lykwols noch net sizze dat de FFU dêrmei maklik it ûnderwiis feroaret. Dat bliuwt in drege opjefte (sjoch foar de folsleine ynlieding fan Dykstra ús webstek, **Sjerp & Jittik [17]**, maaie 2012).

### 2. Ferslach jiergearkomste 25 maaie 2011

It ferslach wurdt goedkard. Der wurdt opmurken dat it tal leden troch ferstjerren en de krisis (net betelje) sakket en dat der amper wer wat by komt. Jelte Cuperus is wer lid wurden. We sille in nij struibrief ûntwikkelje. Sytze staveret Klaas Bruinsma syn oersetting(s) fan Chaucer syn ‘The Canterbury Tales’ om en jout dy in plak op ús webstek. Se lizze al tsientallen jierren by Klaas yn it laad en hy kriget se yn boekfoarm net útjûn. De kosten binne foar him te heech. Faaks liedt sa'n aksje de lju ek nei ús webstek.

Klaske Straatsma wol nei oanlieding fan side 1 punt 3 graach wat mear witte oer de kwaliteit fan it Frysk yn de *eduFrysk*-lessen, dy't digitaal by de Afûk te folgjen binne. Dy taalkwaliteit hâldt hjir en dêr perfoarst net oer, sa wie it betinken fan Lútsen Bakker, dy't dat troch in stekproef neigien hat. Faaks liedt soks noch ta in artikel yn in blêd. By side 3 punt 8 merkt Klaske op dat it *Friesch Dagblad* (09-05-2012) skriuwt dat de fûgelwacht fan Makkum in plaat mei fûgelnammen yn (allinnich) it Hollânsk skonken hat oan de skoalle(n) dêr. Germ seit ta dat er kontakt opnimme sil mei dy fûgelwacht oer it ûntbrekken fan de Frysktalige fûgelnammen.

### 3. Nijsbrief/Jierferslach 2011

Klaske Straatsma sprekt har wurdearring út oer it wiidweidige en dúdlike jierferslach oer 2011. It hat grif wer in hiel kerwei west. Germ Gerbrandy besaut him nei oanlieding fan side 1 oer de negative hâlding fan de fjouwer Fryske ûnderwiiskoepels (mei direkteuren as Heerschop, Richter en Helder) foar it Frysk oer. De FFU sil yn dy rjochting faaks aksje ûndernimme moatte, mar wachtet noch efkes mei it skriuwen fan brieven. Fierders ponearret Germ de stelling dat nimmen yn Fryslân de ûnderwizersakte hawwe moatte soe as dy gjin Frysk ken of bestudearre hat. Der moat in wetlike ferplichting komme foar ûnderwizenden yn Fryslân om it Frysk yn harren pakket hân te hawwen. Soks soe it kommend jier in spearpunt foar de FFU wêze moatte. Om ta dat doel te kommen, moat de FFU (yntinsiver) kontakt sykje mei de provinsje (deputearren, amtner), de hegekoallen (opliedings ta ûnderwizer) en de Fryske Academy. Germ soe by de provinsje begjinne wolle (bgl., troch kontakt te sykje mei Tsjerk Bottema, in provinsjaal amtner). Gear Tigchelaar merkt op dat (guon) sollisitanten by de Stenden-hegeskoalle hifke wurde moatte soene oer hoe't se oer it Frysk tinke. Dat is foar in trijetalige oplieding (F/H/I) bgl. ek fan grut belang. Sytze Hiemstra ornearret dat de wetten yn De Haach makke wurde. De provinsje Fryslân (ynklusyf de deputearren dy't oer Frysk en ûnderwiis geane) soe fûlder op de tromme slaan moatte om te berikken dat der mear en bettere wetjouwing komt foar it Frysk yn it ûnderwiis. De deputearre(n) moat(te) sa fier komme dat se har yn De Haach better foar it Frysk ynset(te). Wy hawwe it measte lêst fan in noch altiten minne en tige tekoartsjittende wetjouwing foar it Frysk (sjoch ek de ûnderskate FFU-brieven dêroer op ús webstek). Fryslân sels hat noch amper foech. Klaske is fan itselde betinken. Tom freget him ôf wat der yn de wet stiet oangeande ferplichte fakken foar de hegeskoallen. Sytze tinkt dat op it stuit de ferplichting fan it fak Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis de iennichste grûnslach is foar it oanbieden en it tentaminearjen/eksaminearjen fan it fak Frysk op de Fryske hegeskoallen (pabû; learare-oplieding). Tom sil ynformaasje ynwinne by Nicolai (Stenden).

Algemien: de takomst fan de FFU komt wif te stean troch de âldens fan de bestjoersleden (fergrizing). Wy moatte op 'e siik nei nije en jonge bestjoersleden, oars stagnearret it wurk aanst. Lykwols moat der konstatearre wurde dat der mei de hjoeddeiske bestjoersleden noch altiten gâns wurk ferset wurdt.

### 4. Finansjeel ferslach oer 2011

Ed Knotter (ponghâlder) merkt op dat de FFU wat efterút buorket, mar dat soks benammen feroarsake wurdt trochdat guon betellings fan it jier dêrfoar yn it boekjier dien binne. In nije (werhelle) oprop ta beteljen fan it ledejild helpt goed, sa hat bliken dien. De bydrage foar de *Ried fan de Fryske Beweging* (€150) rint oer trije jier. Der sil neigien wurde oft skinkings foar de FFU dy't oermakke binne op de bankrekken fan de RfdFB, wol oermakke wurde nei de FFU.

De kaskommisje (Wopke Speerstra en Koop Scholten) jout de suggestje om alle ekstra bydragen boppe op it wenstige ledejild ek apart oan te jaan (dat is oer it jier 2011 net dien). De sifers oer 2011 binne yn oarder. Ed Knotter wurdt mei tank troch de gearkomste ûntlêstge.

### 5. Fryske Cito-toets foar begripend lêzen

Sytze T. Hiemstra ferdútst ien en oar oer de Cito-toets *begripend lêzen*. Dy nije toets makket diel út fan in *Learling FolchSysteem* (LFS) en is ornearre foar groep 8 fan de basisskoalle. Hiemstra wie ien fan de fjouwer konstruktors. Hy is fan betinken dat der ek aparte eintoetsen foar Frysk komme moatte (sjoch op ús webstek ek *Sjerp & Jittik [15], maaie 2012*). Nei it oanbieden fan de oanbelangjende lêstoets op 10 april 2012 yn it Provinsjehûs is de ynlieding dy't in deputearre (Jannewietske de Vries) foar dy gelegenheid makke hie, ús oer de mail tastjoerd. Dêrút docht bliken dat de provinsje ek toetsen foar *wurdskat*, *harkjen* en *staverjen* ûntwikkelje litte wol. Hiemstra is tefreden oer de oanpak fan it Cito. Wannear't (en oft) de toets brûkt wurdt, is net wis. De FFU soe der sadwaande op oanstean moatte dat de skoallen de toets ek brûke. It meitsjen fan in rige fan falide, objektive en betroubere toetsen is djoer. Mar foar de twadde rykstaal moat men dat der foar oer hawwe. Germ merkt op dat troch de oerheid foar it Hollânsk/Nederlânsk miljarden útgjûn wurde en dan mei it Frysk dus de nedige miljoenen kostje.

## 6. Konvenant Fryske taal yn it ûnderwiis (2011)

Tom Dykstra ljochtet de betsjutting fan it ‘Convenant Friese taal in het onderwijs’ ta. Der fynt amper of gjin foechoerdracht fan it Frysk nei de provinsje plak; it sintrale regear yn De Haach hâldt de toutsjes strak yn ’e hannen. De provinsje kriget de taak om foar (mear) draachflak foar it Frysk yn Fryslân te soargjen. De fjouwer ûnderwiiskoepels lizze fandatoangeande dwers. It komt der op del dat it ministearje fan UKW/OCW de rezjy yn ’e hannen hâlde wol. Dêr binne wy net wiis mei!

## 7. Bestjoersútwreiding

Geart Tigchelaar is jong, hat syn ‘master’ Frysk helle (RuG) en is Afûk-lesjouwer. Hy wurke ynformeel al in skoftke mei yn it bestjoer en hy wurdt no offisjeel foardroegen. Geart wurdt mei algemiene stimmen keazen. It betsjut in stikje ferjonging. It bestjoer is dêr tige mei ynnommen en dat wurdt mei applaus bekrêfte.

## 8. 25 jier FFU en fierder

Wy soene graach omtinken jaan wolle oan ús 25-jierrich jubileum yn it ramt fan in symposium fan *Mercator* dat fan ’t hjerst pleatsfine moatte soe, mar der binne noch gjin neiere tasizzings. Alex Riemersma (*Mercator*) set him dêrfoar yn. Germ ûnderhâldt dêr de kontakten oer. De FFU soe bgl. op beskieden wize bydrage kinne oan aktiviteiten op de *Europeeske dei fan de talen* (26 sept.). Omdat it net wis is oft soks op koarte termyn kâns fan slagjen hat, soe de FFU ek oare mooglikheden neigean moatte. De middels ûntbrekke ús om in eigen betinking te organisearjen en te bestuiverjen.

## 9. Op it aljemint

It Frysk yn de Grûnwet hat al langer ús omtinken. De wetjouwer hat ûnderwilens in konsepttekst makke mei in plakje foar it Frysk dêryn as twadde rykstaal. De seksje Papiamintsk fan de VLLT (*Levende Talen*) wol dat it Papiamintsk (no ek in rykstaal) likegoed yn de Grûnwet neamd wurdt. Sytze hat as HB-lid fan *Levende Talen* kontakten mei dy seksje (benammen mei de foarsitter, Ruben Severina). Faaks kin der yn ’e takomst in foarm fan oparbeidzjen ûntstean as der mienskiplike belangen binne. Fierder wurdt op it aljemint brocht dat op it stuit de universitêre stúdzje Frysk yn Grins bedrige wurdt. Soks moat ek goed ús omtinken hawwe.

Tom Dykstra liket út reden fan sûnens it kalmer oan dwaan te moatten. Dat kin as gefolch hawwe dat er it foarsitterskip dellizze moat. Dêr wurde wy al wat kjel fan. Yn alle gefallen wol Tom noch wol beskate taken foar de FFU útfiere, as dat mooglik is. Wy wachtsje earst neiere berjochten ôf en beriede ús ûnderwilens op it sa goed mooglik ferdielen fan de bestjoerstaken.

## 10. Omfregjen en sluten

Sytze freget it bestjoer om mei faasje fierder te wurkjen oan it útrikken fan in FFU-eare-oarkonde oan lju dy’t har, benammen yn har frije tiid, tige fertsjinstlik meitsje of makke hawwe foar it Frysk yn it ûnderwiis. De tiid hâldt gjin skoft. Fan ’t hjerst moat alles yn kalk en semint wêze. Geart hat al in oarkonde-ûntwerp makke dat der goed útsjocht. Der moatte dus sa gau mooglik in pear minsken nominearre wurde en der moatte laudatio’s foar harren skreaun wurde.

De foarsitter slút om likernôch 22.00 oere, mei tank oan alle oanwêzigen foar syn of har bydrage, de gearkomste.

*Thys van der Veen/Ed Knotter/Sytze T. Hiemstra,*  
*july 2012*

